[0296] **WURDSNEUPERIJEN**

36. Nijfrysk *slij.*

In skoftsje lyn frege in freon my nei it komôf fan *slij*, dêr't him gjin wjergea yn oare Germaenske talen fan bikend wie. Ik koe him op dat stuit gjin útslútsel jaen. Letter bin ik op 'e sneup gien om de ôflieding fan dat wurd en doe die it bliken, dat dêr yn 'e minmachtige Fryske taelkundige skriften neat oer to finen is. Dat sadwaende moast ik it fan eigen ûndersyk ha en it like my de baes ta om earst ris nei to gean, hwannear't dat eigenskipswurd yn 'e kontreijen om 'e Noardsé hinne opdûkt en hoe't it dêr brûkt wurdt.

a. Hwat *Fryslân biwesten de Lauwers* oanbilanget, set de oerlevering frij let yn. Gjin inkelde âldfryske boarne hat *slij*, of in foarm dy't dêrnei útskaeit, biwarre. Op himsels hoecht ús dat gjin nij to dwaen, om't de âldste Fryske teksten foar fierwei it greatste part út rjochtskêsten bisteane, dêr't in wurd as *slij* winliken net yn forwachte wurde kin. Better net to witten hawwe ús midfryske lânslju it ek nearne fêstlein. It heart net ta de wurdfoarrie fan Bogerman syn rymspreuken (1542-1551) of fan 'e brulloftsdichten “Woutir in Tialle" (1609) en “Ansck in Houck" (1639). Fierders sil men it omdôch sykje yn 'e sprekwurden fan Burmania (1614) en yn Gysbert Japiks syn wurken (1668). It is fansels net útsletten, dat it noch ris yn 17de- of 18de-ieuske stikken oanwiisd wurdt, mar in bulte aventûr hat soks dochs net. Neffens in freonlike meidieling fan Dr. Y. Poortinga moat it yn 'e 19de ieu to uzes foar 't earst foarkomme by R. Posthumus, dy 't Portia yn *De keapman fen Venetien* (1829) sizze lit: “Mijn hert wier nooit *slij* nei greater gewin" [3]). Yn in moai seldsum wurkje fan Eman, titele as: *Ien winterjouns gearkomste by Jolle boer* (1852), lêze wy dizze sin: “Dan het dij selde Lauw al ien sloegen poape west", seij Hidde, „sa sloeg haw ik it ijn lang net heard, en dan jit sa *slij* neij jenewer" [4]). Doe't Johan Winkler yn 1867 in samling Ljouwerter taeleigen foar in Hollânsk tydskrift gearswile hie, skreau er û.o. dat *sly* brûkt waerd yn 'e bitsjutting fan `zeer begeerig; zoo is b.v. een koortszieke *sly* naar water' [5]). It Wurdboek fan Waling Dykstra hellet as earste foarbyld fan ús wurd de *Rimen en Teltsjes* fan 'e

3) R. Posthumus, *De keapman fen Venetien,* Grins 1829, s. 97.
4) Eman, *Ien winterjouns gearkomste by Jolle boer,* Snits 1852, s. 15.
5) J. Winkler, *De Leeuwarder tongval en het Leeuwarder taaleigen.* De Taalgids, jg. 9 (1867), s. 303.

Bruorren Halbertsma oan: “Hja siet in anyske to pimpeljen, dêr se wakker *slij* nei wier" [1]).

It is klear, dat *slij* yn it algemien omskreaun wurde kin mei `bigearich, happich, longerich'. Men kin *slij* nei in anyske, nei jenever, nei skinke, nei sûpenbrij ensfh. wêze en “katten binne *slij* nei molke" (W. Dykstra). Mar net allinne wurdt it yn forbân mei iten en drinken sein, likegoed kin ien “*slij* nei gewin" (R. Posthumus) of in frommes „*slij* nei in man" (W. Dykstra) wêze. Wy meije dêrom foar *slij* ek de bitsjuttingen “gleon op, hjit op, sljocht om” oannimme.

b. Foar de tongslach fan 'e *Saenstreek* geane wy to seil op 'e tûke ûndersiker G. J. Boekenoogen, dy 't yn 1897 in wurdboek fan it Saensk gearstald hat en ús dêryn fornijt, dat it neamde eigenskipswurd yn dy kriten doe al omtrint forâldere wie. Hy jowt it wer mei `begeerig, gretig, belust op' en nimt as foarbyld fan it gebrûk inkeld en allinne op: „Hij is zoo *slij*; hij zou alles wel willen hebben" [2]).

c. Yn 'e geaspraek fan *Oud-Beierland* wykt de bitsjutting fan *slij* in kromke fan 'e wenstige ôf, sa’t bliken docht oan in stúdzje fan A. Opprel, dy't it foar dy hoeke ken as `gjirrich, deun', forlykje: „'t Is dan ən *slijə* vent; nooit zel die ən cent an ən errəm mens gēvə" [3]).

d. Lyk as wy aenst sjen sille, is it foar de ôflieding fan *slij* fan it aldergreatste bilang, dat it *Eastfrysk* dat as *slît* 'lüstern, begehrlich, gierig' biwarre hat. Ut J. ten Doornkaat Koolman syn wurdboek [4]) helje wy alle trije foarbylden oan, dy't har maklikernôch yn ús Frysk oerbringe litte:

- *hê is so s l î t, dat hê hâst hêl nêt genug krigen kan* = `hy is sa roppich, dat er suver net genôch krije kin'.
- *s l î t up* (of: *na) 't éten* = `slij nei iten'.
- *s l î t up* (of: *na) de frolûe* = `slij nei de froulju'.

e. Nei 't wy sa by de hjoeddeiske oanswettende talen en tongslaggen lâns west hawwe, dûke wy nou yn it forline en komme dan alderearst torjochte by sawntjinde-ieuske Hollânske skriuwers, dêr't it WNT (it Greatnederlânsk Wurdboek) ús it bêste oer ynljochtet. Ut dat âldere tiidrek fan it Hollânsk fine wy dêrre in rige biwizen foar de bitsjutting `bigearich, longerich, roppich'. It soe net folle doel hawwe en nim dy plakken hjir allegearre oer, wy folsteane dêrom mei de neikommende [5]):

- “De hongerige die is *sly*, laet hem met grove kost en swart broodt haest vernoegen" (R. Visscher, *Sinnepoppen* V).
- „Hij was te bijster *slij* en maakten 't al te bout,
  Men zeit, hij heeft geschraapt wel tachtig tonne goud" *(Bloemkr. v. Versch. Ged.* 369).
- “Zijn hoenderkot voor de *slije* vossen te sluitten" (Jonctijs, *Toon. d. Jal.* 2, 411).

Slagge wy de útgong fan ús wurd acht, dan meije wy stelle, dat *slij* út in âldere

1) W. Dijkstra, *Friesch Woordenboek* III, Leeuwarden 1911, s. 138.
2) G.J. Boekenoogen, *De Zaansche volkstaal,* Leiden 1897, kol. 936.
3) A. Opprel, *Het dialect van Oud-Beierland,* 's-Gravenhage 1896, s. 82.
4) J. ten Doornkaat Koolman, *Wörterbuch der ostfriesischen Sprache* III, Norden 1884, s. 205.
5) *Woordenboek der Nederlandsche taal,* dl. 14 (1936), kol. 1728.

foarm **slî* fuortkommen is, hwant âldfrysk *î* ûntjowt him oan 'e ein fan in wurd ta *ij*, forlykje *frî > frij*; *hlî > lij*; *kî > kij; nî > nij*; *sî > sij* (tiidwurdsfoarm) en foar it Klaeifrysk kinne wy der noch oan taheakje: *bî > bij; dî > dij; hî > hij; mî > mij*; *wî > wij*. It wol jin einliken mar min oan, dat **slî* allinne yn it Frysk-Hollânsk bistien hawwe soe. Om jins gading to finen is it de baes en sneup yn sokke gefallen de oare Germaenske talen stik foar stik nei. Dat die hjir ek fortuten, hwant yn it Nijnoarsk komt it eigenskipswurd *slî* foar, dat hwat foarm en bitsjutting oangiet mei ús **slî*, de foarrinder fan *slij*, strykt. De Noaren brûke *slî* ntl. krekt lyk as wy yn 'e sin fan `bigearich, happich, roppich' [1]).

As wy ienris sa fier binne, hawwe wy de sibben fan ús wurd hânsum byinoar: nijnoarsk *slî* = âldnoarsk *slíðr* `forgrimend, forskuorrend, ôfgryslik, gefaerlik'; goatysk *sleiþs* `forwoast, heislik, gefaerlik'; ags. *slîðe* `wyld, wreed, grousum, gefaerlik, slim'; Aldsaksysk *slîði* `kwea, tsjoed'; âldheechdútsk (mei efterheaksel *-ig*) *slîdic* `forkeard, gemien, tsjoed'.

It oersjoch oer de wjergaders hjirboppe leart ús, dat de Germaenske wurdstamme yn dit gefal **slîþ-* wie en it Aldfrysk moat dan ek de foarm **slîth(e)* hawn ha. Wy merke dêr noch by op, dat de ûntjowing fan **slîth(e)* (oer **slîd*, **slî*) ta *slij* krekt-en-gelyk forroun is as fan *blîth(e)* ta *blij* (yn: *blijread),* oars sein *blîth(e): blij = slîth(e)*: *slij.*

De gearstaller fan it artikel *slij* yn it *WNT* roait de planke dan ek foargoed mis, as er ha wol, *slij* soe gearhingje mei nijingelsk *sly*, âldnoarsk *slægr* `slûchslim, fyn ynlein, glûpsk'. Yn it foarste plak wize de oanhalen út de wurden fan 'e 17de-ieuske Hollânske skriuwers kleardernôch út, dat de bitsjutting fan *slij* dêr oeral `gulzig, gretig, begerig' wie. De omskriuwing `slûchslim, glûperich', dy't it *WNT* fan in pear foarbylden by Oudaan jowt, is neffens my fier fan dogen. By *slij* yn 'Hem ziet omtrent de poort een andre *slije* meyd, Die weder 't zelve zeyt' moatte wy earder oan in `gleonen-ien' as oan in `glûpsken-ien' tinke. Wy kinne lykwols noch in gâns better reden bybringe om sjen to litten, dat it *WNT* it hjir by de forkearde ein hat. It Eastfrysk biskikt ús ommers de foarm *slît,* dy't dêrom sa wichtich is, om't wy nou wissichheit hawwe, dat *slij* net lyk as it Ingelske *sly* en it âldnoarske *slægr* by de yndogermaenske wurdstamme **slak-* `slaen, hammerje' hearre kin. Nei it finen fan 'e Eastfryske wjergea *slît* stiet de ôflieding fan *slij* < **slî*< **slîth(e)* net yn 'e kiif.

Faeks soe in tûke lêzer tsjin it lykslaen fan *slij* mei goatysk *sleiþs,* âldnoarsk *slíðr,* ags. *slîðe,* âldsaks. *slîthe* noch ynlizze kinne, dat de bitsjutting fan dat Germaenske eigenskipswurd en dy fan it Fryske *slij* inoar ûntrinne. Dat mei sa wêze, mar it is gjin oanweagend biswier, omreden ien en itselde wurd troch de ieuwen hinne yn ús tael net deselde ynhâld hoecht to hawwen. Bûtendat kin it him yn 'e ûnderskate skiften fan it Germaensk ûngelikens ûntjaen. Hwat yn dizzen lykwols de trochslach jowt is, dat de bitsjuttingsûntjowing yn it Noarsk mei dy yn it Frysk alhiel lyk opgiet. It nijnoarske *slî* = `bigearich, happich, roppich' reaget ek de lêste twivel oan 'e útstelde ôflieding oan 'e kant.

Der bliuwt nou noch ien fraech - de slimste - oer. Binne der oan *slij* (goat. *sleiþs)* bisibbe wurden bûten it Germaensk oan to wizen? A. Jóhannesson [2]),

1) H.S. Falk und A. Torp, *Norwegisch-Dänisches etymologisches Wörterbuch*, 2. Aufl., Oslo en Bergen 1960, s. 1062.

2) A. Jóhannesson, *Isländisches etymologisches Wörterbuch,* Bern 1956, s. 736.

J. Pokorny [1]) en J. de Vries [2]) tinke foar 't neist, dat goatysk *sleiþs* en syn wiksel-foarmen oan it bigjin in `forweechlike' *s* hawwe en mei de yndogermaenske stamme *\*leit-* `forachtsje, forspije; misdwaen' forbân hâlde. Dan soe *slij* famylje wêze fan ús *leed* `tsjin de krún, min nei 't sin' (forl.: `it is de iene houn *leed,* as de oare in bonke hat') en by einsluten mei Gryksk *ἀλείτης* `kweadogger, misdiediger' en *ἀλιτρός* `kwea' gearhingje. Sa lang as it tsjindiel net biwiisd wurdt, sille wy it mar op dy bisibbens hâlde.

1) J. Pokorny, *Indogermanisches etymologisches Wörterbuch,* Bern 1959, s. 672.
2) J. de Vries, *Altnordisches etymologisches Wörterbuch,* Leiden 1961, s. 515.